

Reaksje fan Nederlân op it fjirde advys oer Nederlân fan it Advyskomitee foar it Ramtferdrach oangeande de beskerming fan nasjonale minderheden

Op 24 augustus 2023 hat it it Advyskomitee fan de Ried fan Europa syn advys oer Nederlân en it Ramtferdrach oangeande de beskerming fan nasjonale minderheden publisearre. It Advyskomitee docht yn it fjirde advysrapport fiif oanbefellings foar direkte aksje om minderheden yn Nederlân te beskermjen. Dit antwurd giet fierder yn op dizze oanbefellings.

Oanbefellings foar direkte aksje

1. Nim yn oerlis mei fertsjintwurdigers fan de Fryske minderheid positive maatregels, ûnder oaren it beskikber stellen fan foldwaande finansiering, om it leararetekoart Frysk yn it basis- en fuortset ûnderwiis oan te pakken en it berop fan learkrêft oantrekliker te meitsjen. De Underwiisynspeksje soe by it tafersjoch op it ûnderwiis oer en yn it Frysk ek alle mooglike stipe krije moatte fan de Oerheid.

It Ryk stelt fan 2024 ôf struktureel ekstra middels beskikber foar learkrêften Frysk yn it basis- en fuortset ûnderwiis, nammentlik € 1,4 miljoen. Yn de oanrin nei de nije Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2024-2028 makket it Ryk ôfspraken mei de Provinsje Fryslân oer de útfiering en besteging fan dy middels. De fokus leit op it oanlûken, stimulearjen, oplieden, neiskoaljen en begelieden fan learkrêften. Ek wurde besocht oan te heakjen by besteande regionale inisjativen om it algemiene leararetekoart oan te pakken.

De Underwiisynspeksje hâldt tafersjoch op it ûnderwiisoanbod, ynklusyf it skoalfak Frysk. De ferantwurdlikens foar goed ûnderwiis leit by de skoalbestjoeren. Dat jildt ek foar it Fryske ûnderwiisoanbod en de kwaliteit dêrfan. De Ynspeksje slút yn har tafersjoch oan by dy ferantwurdlikens, ek foar it Frysk by de skoalbestjoeren dy't skoallen hawwe yn Fryslân en dy't it Frysk oanbiede moatte. Yn elk fjouwerjierliks ûndersyk is de stân fan saken foar it Frysk ien fan de te ûndersykjen tema's en it komt yn alle startpetearen oan bod. It Frysk kin ek diel útmeitsje fan ferifikaasjeaktiviteiten op skoallen. As bestjoeren en/of skoallen net foldogge oan de wetlike easken, hat de Ynspeksje it foech om yn te gripen en kin sy wêr nedich in reparaasjeoarder jaan. De Ynspeksje hat de kennis en saakkundigens om dit tafersjoch út te fieren, wêrby't it Frysk like wichtich is as de oare fakken. Neist it tafersjoch op it Frysk by skoallen en bestjoeren docht de Ynspeksje ek tematysk ûndersyk nei it Frysk. Dit ûndersyk hat foar it lêst plakfûn yn 2019. It folgjende ûndersyk stiet op de wurklist foar 2025.

2. Kies foar in fleksibelere en ynklusivere oanpak fan it Ramtferdrach; gean in formele, konstruktive dialoach oan mei fertsjintwurdigers fan de Roma en Sinti en wenweinbewenners oer harren fersyk om erkenning as nasjonale minderheid ûnder it Ramtferdrach en mei de autoriteiten fan Bonêre en fertsjintwurdigers fan sprekkers fan it Papiamintsk oer it útwreidzjen fan de tapassing fan it Ramtferdrach op de Papiamintsk sprekke mienskip op Bonêre. Oant dy tiid moatte de oerheden de bepalingen fan it Ramtferdrach per artikel op in ynklusive en pragmatyske wize útfiere en tapasse op persoanen út boppeneamde mienskippen yn it Europeeske diel fan Nederlân, yn nauwe gearwurking mei fertsjintwurdigers fan dy mienskippen.

De Nasjonaal Koördinator Diskriminaasje- en Rasismebestriding (NCDR) hat yn it Nasjonaal Aksjeplan foar 2023 steld dat it útwreidzjen fan it tapassingsgebiet fan it Ramtferdrach oangeande de beskerming fan nasjonale minderheden om de Roma en Sinti en besibbe mienskippen op te nimmen in stap yn 'e goede rjochting wêze soe yn it foarm jaan oan de erkenning fan dizze mienskippen. It Ryk hat him ynset om te ûndersykjen oft it mooglik is om de Roma- en Sinti-mienskippen by it Ramtferdrach oanslute te litten en hoe't dit de situaasje fan de Roma- en Sinti-mienskippen yn Nederlân yn relaasje ta de spesifike ûnderdielen fan it Ramtferdrach ferbetteret. Ik bin fan doel om yn de rin fan 2024 in stânpunt foar te lizzen oan it Parlemint. Utwreiding fan it Ramtferdrach is úteinlik in politike kar, dêr't de Twadde Keamer en Earste Keamer oer beslute moatte.

Ek wurde fertsjintwurdigers fan de Roma- en Sinti-mienskippen en wenweinbewenners trochgeand rieplachte oer ferskate ûnderwerpen. By it ministearje fan Sosjale Saken en Wurkgelegenheid is it

Nasjonaal Kontaktpunt Roma en Sinti ûnderbrocht. Dit is in direkt kontaktpunt foar de Roma en Sintimienskippen en lokale oerheden. It kontaktpunt organisearret dialogen mei Roma- en Sintimienskippen en relevante ôfdielingen oer wichtige tema's foar de mienskippen, bygelyks de ûnderfinings fan dizze mienskippen mei sigeunerhaat, steateleazens of de bou fan steanplakken.

Wat de Papiamintsk sprekkende ynwenners fan Bonêre oanbelanget, bin ik posityf oer it idee om te ûndersykjen oft sy ûnder it Ramtferdrach as minderheid erkend wurde kinne. Ik sil hjiroer yn petear mei de oanbelangjende ôfdielingen en it Iepenbier Lichem Bonêre. Derneist is fan 22 jannewaris 2024 ôf it Papiamintsk erkend op Bonêre ûnder diel III fan it Hânfêst.

3. Nim yn de Wet gelikense behanneling eksplisite ferwizings op nei de grûnen 'taal', 'hûdskleur' en 'etnyske komôf', en meitsje de befolking, ynklusyf persoanen dy't ta de Fryske minderheid hearre en ta mienskippen dy't it meast bleatsteld binne oan diskriminaasje, bewust fan it bestean en de tapassing fan de bepalingen fan dizze wet.

De Algemiene Wet gelikense behanneling (AWGB) ferbiedt diskriminaasje op grûn fan ras, dêr't ek de taal (en dus ek it Frysk) ûnder falle. It Advyskomitee riedt oan diskriminaasje op grûn fan taal eksplisyt yn de wetjouwing op te nimmen. De AWGB jout de rjochter en it Kolleezje foar de Rjochten fan de Minske (hjernei: it Kolleezje), dat tasjocht op it neilibjen fan de wetjouwing oer gelikense behanneling, mear romte en frijheid by it ynterpretearjen fan de grûnen dy't by wet beskerme wurde. It Kolleezje hat earder altyd it stânpunt ynnommen dat it begryp ras ynterpretearre wurde moat op grûn fan de definysje dy't opnommen is yn it Ynternasjonaal Ferdrach oangeande it útbannen fan alle foarmen fan rassediskriminaasje. Neffens de fêststelde rjochtlinen fan it Kolleezje omfettet ûnderskied meitsje op grûn fan ras ûnder oare diskriminaasje op grûn fan hûdskleur, komôf en nasjonale of etnyske ôfstamming. De grûn ras biedt ek beskerming foar taal.

It Kolleezje hat koartlyn foar de fyfde kear de wurking fan de wetjouwing foar gelikense behanneling evaluearre. It Kolleezje pleitet foar it fierder fêstlizzen fan grûnen lykas hûdskleur, komôf en taal yn de Algemiene Wet gelikense behanneling. In soartgelikense suggestje waard koartlyn dien troch de Nasjonale Koördinator Diskriminaasje- en Rasismebestriding. It Ryk sjocht dêrom oanlieding om in ûndersyk te begjinnen nei de mooglikheid om nije grûnen op te nimmen yn de AWGB dy't relatearre binne oan de grûn ras.

4. Soargje foar in formele, effektive en permaninte struktuer op sintraal nivo foar oerlis mei fertsjintwurdigers fan ferskate mienskippen fan Roma, Sinti en wenweinbewenners en ek fertsjintwurdigers fan oare mienskippen mei in ferlykber fersyk. Ferbetterje yn it algemien ek de gearwurking mei organisaasjes dy't de belangen fan dizze mienskippen fertsjinwurdigje.

Lykas hjirboppe by punt 2 al beskreaun is, is it Nasjonale Kontaktpunt Roma en Sinti ûnderbrocht by it ministearje fan Sosjale Saken en Wurkgelegenheid. It kontaktpunt organisearret dialogen mei Roma- en Sinti-mienskippen, belutsen ôfdielingen en de sektor oer wichtige tema's foar de mienskippen. De Roma- en Sinti-mienskippen en ek wenweinbewenners wurde geregeld rieplachte as it giet om belied oangeande wenningbou en steanplakken foar wenweinen.

5. Bestriid en feroardielje iepentlik oant op it heechste politike nivo alle foarmen fan antysemityske en islamofobyske útspraken fan publike figueren, en jou aktyf stipe oan maatregels dy't minsken bewust meitsje fan alle foarmen fan haat yn 'e maatskippij, lykas sigeunerhaat. Dêrta moatte autoriteiten ekstra ynspannings dwaan om haatspraak en haatmisdeden, ynklusyf op sosjale media, effektyf foar te kommen, te ûndersykjen en te ferfolgjen, en om minsken dy't hearre ta mienskippen dy't it meast bleatsteld wurde oan haat, bewust te meitsjen fan de ferskate opsjes om hjir melding fan te dwaan en juridyske stappen te nimmen.

Yn Nederlân is elkenien gelyk en hat elkenien de frijheid om himsels te wêzen. It begjinsel fan gelikensens is fêstlein yn kêst 1 fan de Grûnwet. Diskriminaasje op grûn fan leauwe, libbensoertsjûging, politike miening, ras, geslacht, beheining of seksuele oriïntaasje, of op hokker

oare grûn dan ek, is net tastien. Kêst 1 is útwurke yn ferskate wetten, lykas de AWGB en it Wetboek fan Strafrjocht. Diskriminaasje en rasisme binne yn de Twadde Keamer, lykas yn de rest fan de maatskippij, ferbean en net akseptabel. Tagelyk binne iepen debat en frijheid fan mieningsutering essinsjeel yn in demokratyske maatskippij. Frijheid fan mieningsutering wurdt yn Nederlân breed ynterpretearre, benammen dêr't it bydrage kin oan it iepenbier debat. Dat feroaret neat oan it feit dat de Oerheid dúdlike grinzgen stelt as it giet om strafbere uteringen en diskriminaasje. Neffens de Nederlânske wet drage diskriminearjende uteringen net by oan it politike of publike debat. Politisy kinne ferfolge wurde foar iepenbiere uteringen bûten de parlemintêre muorren, dy't bygelyks yn it Nederlânsk strafrecht oantsjutte wurde kinne as it beledigjen fan in groep of it oantrúnjen ta haat of geweld. Hoewol't politisy net wetlik oanspraaklik steld wurde kinne foar uteringen dy't makke binne yn sittings fan 'e Twadde Keamer, is de frijheid fan mieningsutering yn it Parlemint net ûnbeheind. Neffens it Reglement fan oarder fan de Keamer kin de foarsitter elk lid dat rasistyske beledigingen uteret of oantrúnet ta haat, ta de oarder roppe en ferskate maatregels nimme, lykas it jaan fan in warskôging, him of har it wurd te ûntnimmen of opdracht te jaan de gearkomste te ferlitten. De hjoeddeistige foarsitter fan de Twadde Keamer hat aktyf oerlis mei de partijlieders oer it taalgebrûk yn de Keamer.

Ek is Nederlân op it stuit dwaande de ynterdepartementale oanpak fan haatspraak online te yntensivearjen. It kabinet hat op 22 febrewaris 2023 in brief stjoerd oan de Twadde Keamer dêr't yn útlein wurdt dat it him de kommende jierren ynsette wol foar in mear yntegrearre, gearhingjende en strukturearre oanpak. Dizze oanpak is foarme op basis fan de pylders fan wet- en regeljouwing, hanthavening, previnsje en bewustwêzen, sa't ek frege wurdt yn it advys fan de Ried fan Europa. Dizze pylders wurde op it stuit troch in ynterdepartementale wurkgroep útwurke ta konkrete aksjes. Dizze útwurking fynt ûnder oare plak yn oerlis mei belanghawwenden.

Fierder wurket Nederlân op it stuit oan de lanlike ymplementaasje fan de Wet Digitale Tsjinsten (*Digital Services Act*, DSA). De DSA stelt dat online platfoarms ferplichte binne om ylllegale ynhâld op har platfoarm oan te pakken as dit rapportearre wurdt. Boargers en saneamde 'trusted flaggers' kinne ynhâld melde en as dy ylllegaal is, moatte platfoarms dy fuorthelje. De DSA sil yn fazen ynfierd wurde. Sûnt 25 augustus jilde de regels dy't fuortkomme út de DSA foar saneamde hiel grutte online platfoarms en hiel grutte online sykmasines. Dizze partijen moatte foldwaan oan ekstra strange due diligence-ferplichtings, ynklusyf de ferplichting om saneamde systemyske risiko's dy't fuortkomme út harren tsjinsten of algoritmen te beoardieljen en te beheinen. Systemyske risiko's omfetsje de fersprieding fan ylllegale ynhâld, lykas ylllegale haatspraak, en aktuele of foarsisbere negative gefolgen foar de grûnrjochten, ferkiezingsprocessen, folkssûnens en minderjierrigen.

De DSA sil ek jilde foar oare online merkplakken, sosjale netwurken, sykmasines, cloudproviders, ynternetproviders en platfoarms foar it dielen fan ynhâld, lykas fideoplatfoarms en online reis- en akkommodaasjeplatfoarms dy't in soad brûkt wurde yn Nederlân en Europa. Op 17 febrewaris 2024 moatte alle bemiddelingstsjinsten folslein foldwaan oan de DSA.